

earste fesper foar de earste advint

stilte

iepeningsfers

foargonger hear, iepenje my de lippen
gemeente myn mûle sil sjonge fan jo lof
foargonger God, kom my te help
gemeente Hear, wês hastich om my te helpen

oanstekken fan 'e peaskekears

ljochthymne fleurich ljocht

antifoan út 'e djipte wei rop ik jo heare, hear, harkje nei myn stim

I út 'e djipte wei rop ik jo, heare,
II hear, harkje nei myn stim,
I lit jo earen dochs acht jaan
II op myn lûd smeejen,
I as jo, heare, my de sûnden oanrekkenje,
II o hear, wa kin dan steande bliuwe,
I mar jo kinne ferjaan
II en dêrom hat men ûntsach foar jo

antifoan út 'e djipte wei rop ik jo heare, hear, harkje nei myn stim

psalm psalm 130: 1, 2, 3 en 4, *lieteboek foar de tsjerken*

antiiffoan út 'e djipte wei rop ik jo, heare, hear, harkje nei myn stim

I ik wachtsje op 'e heare,
II mei hert en siel wachtsje ik,
I ik hoopje op syn belofte,
II mei hert en siel sjoch ik út nei de heare,
I mear as wachters nei de moarntiid,
II wachters nei de moarntiid,
I wachtsje, Israel, op de heare,
II want by de heare is genede,
I by him is folsleine ferlossing,
II ja, hy sil Israel ferlosse fan alle ûngerjochtichheid

I eare oan de heit en de soan en de hillige geast,
II lykas yn it oanbegjin, no en jimmer en fan ivichheid oant ivichheid

antiiffoan út 'e djipte wei rop ik jo heare, hear, harkje nei myn stim

lêzing

Mattéus 25: 1 - 13

Dan sil it yn it himelske ryk gean as mei dy tsien jongfammen, dy't mei har lampe de breugeman temjitte gongen. Fiif fan harren wiene ferstannich, fiif net. De fiif sleauwen namen wol de lampe mei, mar gjin oalje. De ferstannigen lykwols, namen tagelyk mei de lampe ek in krûkje oalje mei. Doe't de breugeman lang weibleau, waarden se allegearre slûch en foelen yn 'e sliep. Mar midden yn 'e nacht waard der roppen, 'tink derom, dêr is de breugeman, toe, gean him temjitte'. Alle tsien jongfammen waarden doe wakker en makken har lampen yn oarder.

Mar de sleauwen seinen tsjin de ferstannigen, 'jou ús wat fan jimme oalje, want ús lampen geane út'. De ferstannigen antwurden, 'nee, der soe ris gjin genôch wêze kinne foar jimme en ús mei-inoar; gean leaver nei de ferkeapers en keapje oalje foar jimmesels'. Mar doe't se fuort wiene om oalje te keapjen, kaam de breugeman. Dy't klear wiene, gongen mei him de brulloftsseal yn en de doar kaam op 't slot. Neitiid kamen de oare fammen ek. Se rôpen, 'mynhear, lit ús der dochs yn'. Mar hy antwurde, 'ik ken jimme hielendal net. Bliuw dus wakker, want dei en oere witte jimme neat fan'.

meditaasje

Advint is de tiid dy't wy nedich hawwe om it krystfeest nei ús ta te heljen. Elk jier wer binne wy dêr de fjouwer sneinen wol ta nedich. Want de ôfstân is grut, dy't God oerbrêgje moat. It is de ôfstân tusken himel en ierde, ús sûnde en syn keninkryk. Nacht en dei ferskil. Dy ôfstân is foar ús net te omfetsjen. Sels it feest hawwe wy tiid ta nedich. God oerbrêget dy ôfstân. Mar dat te betinken allinnich al giet net yn ien dei of ien

wike. De ôfstân tusken nacht en dei wurdt ôflein troch God. Wa soe it oars ek dwaan moatte. O hear, as jo de sûnden oanrekkenje, wêr bliuwe wy dan? Dan bliuwe wy yn 'e nacht. As God net op ús ta komme soe, kin elke dei de lêste wêze, wurdt de nacht in kear foargoed baas. Wy binne yn 'e nacht. De dei komt op ús ta.

Mar dêr is alles net mei sein. Ek oan ús kant net. It ferhaal fan 'e tsien fammen heart by de nacht. Mar yn dy nacht wurdt net inkeld slept. Fansels, dat ek. In minske kin net bûten sliep. Mar it is gjin sliep sûnder aktiviteit. Gjinnoflik dodzjen en slomjen. Gjinnoflik koma. It is sliepen mei de lampe by de hân, bûtendoar, oan 'e dyk. Yn dy nacht is de breugeman al ûnderweis. As alle lampen út binne, komt hy mei syn ljocht tichteby. Wylst sliepe de fammen. Sûnder dat wy it witte, komt Kristus nei-oan. Wy sliepe. Sliepen is wachtsjen en wachtsjen is aktyf. Wachtsjen is útsjen yn 'e nacht. Jo sjogge neat, mar jo fiele de freugde oankommen fan fierren. Advint is wachtsje yn 'e nacht. Elke nacht kin de lêste wêze. Want de nacht is de tiid dat de dei begjint.

stilte

mesyk

liet lofsang fan Merije, gesang 66: 1 oant en mei 7, *lieteboek foar de tsjerken*

gebedens

foargonger leave heare,
wy wolle jûn bidde
foar elk dy't fêst sit yn it djipste tsjuster
en wy roppe,
gemeente hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo
foargonger meitsje har wekker mei jo klopjen
en lit har útsjen nei jo kommen
en wy roppe,
gemeente hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo
foargonger
en wy roppe,
gemeente hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo

stilte

foargonger heare, wy bidde jo
foar ússels om de krêft fan it wachtsjen,
de wegering om yn 'e nacht te bliuwen,
jou ús de moed om it tsjuster tsjuster te neamen,
dy't sliepe om ús hinne út 'e dream te helpen
en te wizen nei de dei,
dy't begjint as wy de eagen noch ticht hawwe,
dêrom bidde wy mei-inoar,
gemeente ús heit yn 'e himel

jûnsljet gesang 395: 1, 2, 3 en 4, *lieteboek foar de tsjerken*

seine

foargonger de genede fan ús hear Jezus Kristus bliuwt mei ús allegearre
gemeente amen

twadde fesper foar de twadde advint

stilte

iepeningsfers

foargonger hear, iepenje my de lippen
gemeente myn mûle sil sjonge fan jo lof
foargonger God, kom my te help
gemeente heare, wês hastich om my te helpen

oanstekken fan 'e peaskekears

ljochthymne fleurich ljocht

antifoan set heare, in wacht foar myn mûle en hoedzje de doar fan myn lippen

psalm psalm 141: 1, 2 en 3, *lieteboek foar de tsjerken*

antifoan set heare, in wacht foar myn mûle en hoedzje de doar fan myn lippen

I heare, ik rop om Jo, kom mei haasten by my,
II harkje, no't ik lûd om jo rop,
I lit myn gebed as wijreek nei jo opstige
II en lit myn opstutsen hannen in jûntydsoffer wêze,
I set, heare, in wacht foar myn mûle
II en hoedzje de doar fan myn lippen,
I lit myn hert net oerhingje nei it ferkearde,
II oars soe ik my slim besûndigje kinne,
I al hoe't kweaminsken my ek lokje,
II lit my net priuwe fan har swiet,
I in rjochtfearde mei my slaan, dat docht my deugd,
II as dy my ôfstrafte, is it as oalje op myn holle,
I as se yn it lijen komme
II bliuw ik noch biddende,
I as se yn 'e hurde hân fan har rjochters falle,
II dan sille se noch altyd hearre, hoe freonlik myn wurden binne,
I as hie immen de ierde ploegje en iepenskuord,
II sa lizze ús bonken strak ferstruid,
I de mûle fan it deaderyk is iepen,
II mar, heare, myn God, nei jo sjogge myn eagen
I en by o sykje ik myn taflecht,
II smyt myn libben net wei yn 'e dea,
I hoedzje my foar de strûp dy't se my spanne
II en foar de falnetten fan kweadoggers,
I lit de ferkearden yn har eigen kûlen falle,
II wylst ik myn wegen gear.

I eare oan de heit en de soan en de hillige geast,
II lykas yn it oanbegjin, no en jimmer en fan ivichheid oant ivichheid

antifoan set, heare, in wacht foar myn mûle en hoedzje de doar fan myn lippen

psalm psalm 141: 9, 10 en 11, *lieteboek foar de tsjerken*

antifoan set, heare, in wacht foar myn mûle en hoedzje de doar fan myn lippen

lêzing

Lukas 7: 28 - 35

Ik sis jimme, fan dy't út froulju berne binne, is gjinien grutter as Johannes. Mar de lytste yn Gods ryk is dochs grutter as hy. It folk hat allegearre nei him harke, de tolgarders ek. Se achten Gods bestel goed en lieten har dope mei de doop fan Johannes. Mar de Fariseeërs en de wetgelearden hawwe it plan fan God ta har eigen skea ôfwisd, mei't se net troch him doopt wurde woene.

Wêr moat ik de minsken fan no mei fergelykje? Oan wa binne se gelyk? It is mei harren as mei de bern dy't op it merkeplein sitte te boartsjen. It iene partoer ropt tsjin it oare, 'wy hawwe foar jimme op 'e brulloftsfluit spile, mar dûnsje diene jimme net; wy hawwe foar jimme in begraffenisliet songen, mar gûle

diene jimme net; Johannes de Doper is kommen, hy fêste en brûkte gjin wyn en dan sizze jimme, hy is net wiis. De minskesoan is kommen, hy yt en drinkt wol en dan sizze jimme, in fretter is it, in sûper, in freon fan tolgarders en sûnders'. Mar de wiisheid fan God kriget gelyk fan elk dy't har begeart.

meditaasje

Ljocht liket earst nuver. Dy't út 'e nacht komt, knypeaget tsjin de dei. De opkommende sinne is oars as alles de oeren dêrfoar. Yn 'e moarnsskimer, de dage, sjogge jo faach. Mar wat jo seagen yn dy skimer, ferdwynt by de earste sinnestrielen. En wat jo by de earste sinneskyn dúdlik en klear waarnimme, hiene jo dêrfoar noch gjin aan fan dat it der wie. Grutter ljocht yn 'e nacht hat der net west as Jehannes. Hy is de lêste skimer, dy't jin it gefoel jout dat de dei al begongen is. Mar dan komt Kristus en jo begripe der neat mear fan. Men is ferblinde. Nuver, yn 'e nacht en it skimertsjuster binne jo hoeden en foarsichtich. Jo sette de foet net samar earne del. Jo sizze net samar wat tsjininoar. Mar as it ljocht komt, moatte jo der just noch mear om tinke. De tekens fan Jehannes begriep elk al net. Mar mei Jezus wurdt it earder minder as better. Jo hearre folslein nije dingen en wat belangryk wie, spilet ynienen gjin inkelde rol mear. Jezus syn tiidgenoaten kinne mar net begripe, dat hy it is dêr't Jehannes it oer hie. Dat se by inoar hearre, fan itselde ljocht skine litte. It ferskil tusken de fage wjerskyn, de skimer fan Jehannes en it klear ljocht fan 'e sinnestrielen fan Kristus sels is sa grut, dat de minsken net sjogge dat de iene nei de oare wiist. Dan komt it dus op jins wurden oan. Dy't Jehannes folgen, seinen ja tsjin God syn plan. Dy't him ôfwisden, wisden Gods plan ôf. Syn ljocht liet dingen sjen. Minsken koene dy dingen ôfwize of oannimme. De measten namen it oan. Jezus is it folsleine ljocht, de wiisheid fan God, wat sil de minske dêrop sizze? De wiisheid fan God giet oer ús. As men dêr wat oer seit, wiist men jinsels plak. It is in wiisheid fan leafde, ferjouwing, in keninklike brulloft. In protte kinne dat net samar leauwe. Dêrom krije wy de tiid fan advint. Om ús eagen ta it ljocht wenne te litten. Om te ûndersykjen wat it ljocht oer ús seit. Ja sizze tsjin it ljocht is jinsels in plak jaan dat Gods wiisheid mei jin foar hat. Dat sjocht men fuort net. It is nij. It is oars. It ferblinet dy't it trochgrûnje wol. Mar dy't it ien kear sjoen hat, wol nea wer oars.

stilte

mesyk

liet

lofsang fan Merije, Gesang 66 1 oant en mei 7, *lieteboek foar de tsjerken*

gebedens

foargonger

leave heare,
wy wolle jûn bidde
foar dy't it goede net kenne as se it sjogge
en wy roppe,

gemeente foargonger

hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo
wy bidde foar dy't har eagen net leauwe
en op jo leafde net doare te bouwen
en wy roppe,

gemeente foargonger

hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo
... ..
en wy roppe,

gemeente

hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo

stilte

foargonger

heare, wy bidde jo
dat jo ús eagen en earen oanreitsje
en ús mûle suver meitsje fan alle kwea,
dat wy gûle mei dy't fertriet hawwe
en dêr't wille is mei de minsken laitsje,
dat wy jo leafde skine
litte troch ús eigen bestean hinne,
dêrom bidde wy mei-inoar:

gemeente

ús heit yn 'e himel

jûnsljet

gesang 391: 1oant en mei 7, *lieteboek foar de tsjerken*

seine

foargonger gemeente

de genede fan ús hear Jezus Kristus bliuwt mei ús allegearre
amen

trede fesper foar de trede advint

stilte

iepeningsfers

foargonger hear, iepenje my de lippen
gemeente myn mûle sil sjonge fan jo lof
foargonger God, kom my te help
gemeente heare, wês hastich om my te helpen

oanstekken fan 'e peaskekears

ljochthymne fleurich ljocht

antifoan no rop ik, heare, oan jo en ik sis, jo binne myn taflecht

I lûd rop ik om de heare,
II lûd smeeke ik ta de heare,
I foar him sis ik myn klacht út,
II oan him fertel ik al myn need,
I as myn geast him yn my bejout,
II dan witte ho hoe't it der mei my foarstiet,
I op it paad, dat ik gean,
II ha se temûk al in strûp set,
I stean ik út te sjen nei rjochts,
II gjinien dy't my achtslacht,
I der is foar my gjin ûntkommen oan
II en gjin minske bekroadet him om my

antifoan no rop ik, heare, oan jo en ik sis, jo binne myn taflecht

psalm psalm 142: 1 en 4, *lieteboek foar de tsjerken*

I no rop ik, heare, oan jo
II en ik sis, jo binne myn taflecht,
I it iennichste dat my yn it libben oerbleaun is,
II jou acht op myn gekryt, want ik bin der min oan ta,
I ferlos my fan myn ferfolgers,
II want se wurde my oermânsk,
I befrij myn libben út 'e boeiens,
II dat ik jo namme tankje mei,
I de rjochtfeardigen wachtsje derop,
II dat jo my goed dwaan sille
I eare oan de heit en de soan en de hillige geast,
II lykas yn it oanbegjin, no en jimmer en fan ivichheid oant ivichheid

psalm psalm 142: 4 en 7, *lieteboek foar de tsjerken*

antifoan no rop ik, heare, oan jo en ik sis, o binne myn taflecht

lêzing Jehannes 3: 22-30

Neitiid reizgen Jezus en syn learlingen it Judeeske lân yn, dêr hâlde er in skoft mei harren ta en doopte guon. Johannes wie ek oan it dopen yn Enon deun by Salim, omdat dêr gâns wetter stie, dêr kamen de lju dan by him en lieten har dope, want Johannes wie doe noch net opsletten. De learlingen fan Johannes no krigen wurden mei in Joad oer reinigingskwestjes. Doe kamen se by Johannes en seinen tsjin him, 'rabby, de man dy't by jo wie, oan 'e oare kant de Jordaen, dêr't jo in ferklearring oer ôflein hawwe, dy doopt no wrachtich sels ek al en de lju geane allegearre nei him ta'. Johannes joech ta antwurd, 'in minske kin neat berikke, as it him net út 'e himel wei jûn wurdt; jimme kinne sels tsjûge dat ik sein haw, ik bin de messias net, mar ik bin foar him út stjoerd. De man fan 'e breid, dat is de breugeman, de freon fan 'e breugeman, dy't op 'e hark stiet, oft er hast komt, is tige bliid as er it lûd fan 'e breugeman heart. Dêrom bin ik no ek troch alles hinne bliid, hy moat grutter wurde en ik lytser'.

meditaasje

Ljocht jout beweech. Sels yn dizze tsjustere en kâlde tiid. Alles yn 'e natuer sit safolle mooglik stil, om mar waarmte en krêft fêst te hâlden. Dochs, de sinne komt op en der is aksje. De fûgels begjinne wer oan in drege dei. Mar se begjinne. De minsken binne faak al earder los. Mar like goed, it is oars. Dy iere oeren, jo dogge jo wurk, mar swier, mei de waarmte fan 't bêd noch yn 'e noas. De rêst sit jin noch

yn 'e lea en dy wolle jo net kwyt. Net tefolle prate. En de sinne komt op, en men komt letterlik los. Fan binnen driuwt en kidelet der wat, jo meitsje leven, in praatsje. Jo begjinne. Wêrom? Gewoan, omdat wy wat sjen kinne. It is it ferskil tusken taasten yn it tsjuster en in doel foar eagen te sjen. Sagau't de sinne derby is, wurdt in minske lichter en wissers.

Mei Jezus is it krekt sa. Dêr't hy komt, beweecht it. Op gjin inkeld plak yn it evangeelje is der stilstân. Nea giet de gong derút. Nea in beweging tsjin it sin, dy't eins siket om ophâlden. Sels de rêst en de stilte hawwe in doel as Jezus derby is. Want der is ljocht en de minsken kinne sjen. Minsken sjogge de smoargens yn 'e wrâld en se wolle der skjûn fan. Dêrom wurdt der doopt. Minsken sjogge inoar en ûntdekke bern fan God. Dêrom ûntstiet der mienskip. Minsken sjogge harsels en ynienen witte se hoe kostber oft se sels binne. Mar se sjogge ek it deade gewicht fan har bewegen sûnder him. Se fiele de driuw om los te kommen fan dy swierte. Se dogge de earste hoedene stappen op de lichte paden fan it keninkryk en se krije foar 't earst echt rêst, libbene rêst.

Wat tichter oft Jezus by jin komt, wat grutter dy driuw. Men wol dy swierte kwyt, en hielendal libje yn dat lichte keninkryk. Alles moat minder wurde, as dat mar groeit. De sinne leart jin, om de hannen út te stekken, nei him. Omdat syn ljocht ús sjen lit, hoe fier oft hy ús draacht.

stilte

mesyk

liet lofsang fan Merije, gesang 66: 1 oant en mei 6, *lieteboek foar de tsjerken*

gebedens

foargonger

leave heare,
wy wolle jûn bidde
foar dy't sykje nei in hâldfêst yn har libben
en wy roppe,

*gemeente
foargonger* hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo
wy bidde foar alle minsken dy't roppe
en de hannen útstekke nei ien dy't helpt,
en wy roppe,

*gemeente
foargonger* hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo
... ..

gemeente en wy roppe,
hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo

stilte

foargonger

heare, wy bidde jo,
dat wy jo fêste grûn net ferlitte
foar ús eigen bousels fan stien en hout,
lit ús jo folgje op jo wegen,
dy't ús neiste sykje yn de nacht,
de stap sette
nei dy't ús yn 'e eagen sjogge om ljocht,
dêrom bidde wy mei-inoar,
ús heit yn 'e himel

gemeente

jûnsliet gesang 388, *lieteboek foar de tsjerken*

seine

*foargonger
gemeente*

de genede fan ús hear Jezus Kristus bliuwt mei ús allegearre
amen

fjirde fesper foar de fjirde advint

stilte

iepeningsfers

foargonger hear, iepenje my de lippen
gemeente myn mûle sil sjonge fan jo lof
foargonger God, kom my te help
gemeente heare, wês hastich om my te helpen

oanstekken fan 'e peaskekears

ljochthymne fleurich ljocht

antifoan de heare hâldt oerein al wa't oan it fallen ta is en alle delbûgden helpt er oerein

I ik wol jo ferheegje, myn God en kening
II en jo namme priizje ivich en altyd,
I dei oan dei wol ik jo priizje
II en jo gerjochtichheid bejubelje,
I de heare is grut en heech te priizjen,
II syn gruttens is net te befiemjen,
I fan âlder op âlder moatte se jo wurken romje
II en jo geweldige dieden ferkundigje,
I se moatte fan 'e hearlike glâns fan jo heechheid sprekke
II en jo wûnderdieden fertelle,
I it geweld fan jo ûntsachlike dieden te witten dwaan
II en fan jo grutte dieden gewach meitsje,
I as se deroan tinke, hoe wûndere goed jo binne,
II dan moatte se it wol útroppe en jo gerjochtichheid bejubelje

antifoan de heare hâldt oerein al wa't oan it fallen ta is en alle delbûgden helpt er oerein

psalm psalm 145: 1 en 3, *lieteboek foar de tsjerken*

antifoan de heare hâldt oerein al wa't oan it fallen ta is en alle delbûgden helpt er oerein

I genedich en barmhertich is de heare,
II lankmoedich en fol goede geunst,
I goed is de heare foar elkenien,
II syn barmhertigens giet oer al wat er makke hat,
I al jo wurken moatte jo tankje, heare
II en jo geunstlingen moatte jo priizje,
I se moatte de gloarje fan jo keningskip útsizze
II en sprekke fan jo heldenkrêft,
I om it minskdom jo geweldige dieden bekend te meitsjen,
II de hearlike glâns fan jo keningskip,
I jo keningskip bliuwt ivich
II en jo bewâld giet oer alle geslachten,
I trou is de heare yn al syn sizzen
II en goedgeunstich yn al syn dwaan,
I de heare hâldt oerein al wa't oan it fallen ta is
II en alle delbûgden helpt er oerein,
I alle eagen sjogge út nei jo
II en Jo jouwe har op 'e tiid it iten,
I jo hâlde de hân iepen
II en al wat libbet jouwe jo sêd, sa't jo wolle

antifoan de heare hâldt oerein al wa't oan it fallen ta is en alle delbûgden helpt er oerein

psalm psalm 145: 4 en 6, *lieteboek foar de tsjerken*

antifoan de heare hâldt oerein al wa't oan it fallen ta is en alle delbûgden helpt er oerein

I rjochtfearnich is de heare yn al syn wegen,
II goedgeunstich yn al syn wurken,

I de heare is deun by al wa't om him ropt,
II al wa't om him ropt mei ynmoed,
I hy docht wat frommen begeare,
II hy heart har bange rop en ferlost har,
I de heare hoedet elk dy't him leafhat,
II myn mûle moat de lof fan de heare útsizze
I en al wat libbet moat syn hillige namme priizje, ivich en altyd

I eare oan de heit en de soan en de hillige geast,
II lykas yn it oanbegjin, no en jimmer en fan ivichheid oant ivichheid

antifoan de heare hâldt oerein al wa't oan it fallen ta is en alle delbûgden helpt er oerein

lêzing Jehannes 3: 16 - 21
Want sa wiis wie God mei de wrâld, dat er syn lenlingssoan jûn hat, dat elk dy't yn him leaut, net omkomme, mar ivich libben hawwe soe. God hat ommers syn soan net nei de wrâld ta stjoerd dat er it oardiel oer dy wrâld útsprekke soe, mar dat dy wrâld, troch him, behâlden wurde mocht. Dy't yn him leaut, wurdt net feroardiele, dy't net yn him leaut, is al feroardiele, om't er net leaud hat yn de lenlingssoan fan God. Dit is ommers it oardiel al, dat it ljocht yn 'e wrâld kommen is en dat de minsken it tsjuster leaver hiene as it ljocht; want har dieden wiene ferkeard, want al wa't kwea docht, hat in ôfgriis fan it ljocht en doar net yn it ljocht komme, want oars komt it út, wat er dien hat. Mar dy't it goede docht, giet yn it ljocht stean; dan docht bliken, dat yn syn dieden God sels oan it wurk west hat.

meditaasje Lêze, prate, stil wêze, neitinke oer it ljocht, wat hat it foar doel? Mei-inoar om in kears yn 'e stilte, is dat in tsjerke? In wurd, in flam, kin dat it wichtichste wêze fan ús libben? Wy komme hjir apart, meitsje tiid frij, nimme rêst. Mar aansten, jûn, moarn, is it gewoane libben der wer. Thús en wurk nimme wer besit fan ús. Wat is dan dit ljocht mear as in gedachte fan juster? Dochs praat Jezus in soad oer it ljocht. Oer ljocht en tsjuster. Dan hat er it oer himsels en oer syn opdracht. Dy opdracht liket te krijen te hawwen mei ûnderskie, oardiel. Sa't ljocht wurket, jo sjogge ûnderskie tusken moai en mâl, wyt en swart, goed en kwea. Underskie meitsje tusken goed en kwea, it ljocht dêroer skine litte, dat is oardielje. Mar dochs is Jezus dêr net ta kommen. It giet him net om moai en raar, sels net om goed en kwea. It giet om mear en djipper: om rêding. Jezus komt net foar it ûnderskie tusken libben en dea, hy komt om libben te rêden út 'e dea.
Wat hat it ljocht te krijen mei de werklikheid? Dat it libben jout en behâld. It ljocht is net kommen om te oardieljen tusken kreas en healwiis, rjocht en bryk, goed en ferkeard. It ljocht siket just it healwize, it brike, it ferkearde, it kwea. Wy sitte hjir om it ljocht, omdat it ljocht fan God oars is as al it ljocht dat wy kenne. Omdat wy it ljocht fan God net te sjen krije, as wy ús der net apart foar iepenstelle. It ljocht fan God is ljocht dat it tsjuster opsiket. It is it ljocht fan it begjin. It is ljocht dat libben jout. Wat hat praten oer ljocht en stil te wurden foar doel? Wat hat it mei it libben út te stean? In ferkearde fraach. It is oarsom. As ús moai en mâl, ús libben, wysels, as it beholden wurde sil, dan allinnich troch it ljocht dat wy sa net sjen kinne. Ljocht dêr't ús fan ferteld wurdt. Ljocht om stil fan te wurden.

stilte

mesyk

liet lofsang fan Merije, Gesang 66: 1 oant en mei 6, *lieteboek foar de tsjerken*

gebedens

foargonger leave heare,
wy wolle jûn bidde
foar dy't delbûgd binne yn ús dage
en wy roppe,
gemeente hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo
foargonger wy bidde foar dy't oan it fallen ta is
troch de machten fan kwea en dea;
en wy roppe,
gemeente hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo
foargonger
en wy roppe,
gemeente hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo

stilte

foargonger heare, wy bidde jo,
dat wy diele fan wat wy krigen hawwe,
just mei de minsken mei lege hannen,
dat wy net bang binne fan de djipte,
ús neisten dy't lije net út 'e wei geane,

gemeente mar libben sjen litte,
al is it noch midden yn de nacht,
dêrom bidde wy mei-inoar,
ús heit yn 'e himel

jûnsljet gesang 389: 1, 2, 3 en 4, *lieteboek foar de tsjerken*

seine

foargonger de genede fan ús hear Jezus Kristus bliuwt mei ús allegearre
gemeente amen

fyfde fesper foar de jûn fan twadde krystdei

stilte

iepeningsfers

foargonger hear, iepenje my de lippen
gemeente myn mûle sil sjonge fan jo lof
foargonger God, kom my te help
gemeente heare, wês hastich om my te helpen

oanstekken fan 'e peaskekears

ljochthymne fleurich ljocht

antifoan hy stjoert syn befele nei de ierde en rêd fljocht syn wurd dêrhinne

I halleluja, wat is it goed te psalmsjongen foar ús God,
II wat is it hearlik in lofliet yn te setten,
I de heare bout Jeruzalem wer op,
II hy bringt Israels ferdreaunen wer by elkoar,
I hy genêst de brutsenen fan hert
II en hy ferbynt har wûnen,
I hy stelt it tal fan 'e stjerren fêst
II en hy neamt se alle gearre by de namme,
I grut is de heare en fol krêft,
II syn wysheid is gjin ein fan,
I de heare helpt delbûgden oerein
II en fernederet de sûnders oan 'e grûn ta,
I sjong de heare in lofliet, psalmsjong foar ús God op 'e liere,
II foar him, dy't de himel mei wolken bedekt,
I dy't de rein reemakket foar de ierde,
II dy't gers útsprute lit op 'e bergen,
I dy't it fee har foer beskikt,
II de jonge ravens jout, wêr't se om roppe,
I de krêft fan hynders is by him gjin tel,
II de skonken fan in man slacht er net heech oan,
I mar wol hat de heare heech, dy't ûntsach foar him hawwe
II en dy't útsjogge nei syn geunst

antifoan hy stjoert syn befele nei de ierde en rêd fljocht syn wurd dêrhinne

psalm psalm 147: 1, 3, 6 en 7, *lieteboek foar de tsjerken*

antifoan hy stjoert syn befele nei de ierde en rêd fljocht syn wurd dêrhinne

I ferhearlikje de heare, Jeruzalem,
II priizje dyn God, o Sion,
I want hy fersterket de skoattels op dyn poarten
II en hy segent dyn soannen yn dyn fermidden,
I hy beskikt dyn kontreien wolfeart,
II fette weet jout er dy by de rûs,
I hy stjoert syn befele nei de ierde
II en rêd fljocht syn wurd dêrhinne,
I hy beskikt de snie as wie it wol,
II hy struit de rym út as jiske,
I hy smyt syn iis by brokken del,
II wa kin syn kjeld ferneare,
I hy stjoert syn wurd en lit it teie,
II hy lit syn wyn waaie en it wetter rint wer,
I hy ferkundiget Jakob syn wurd,
II syn foarskriften en útspraken oan Israel,
I gjin inkeld folk hat er sa mei dien,
II syn rjochtsregels witte de oaren net fan, halleluja

I eare oan de heit en de soan en de hillige geast,
II lykas yn it oanbegjin, no en jimmer en fan ivichheid oant ivichheid

antifoon hy stjoert syn befele nei de ierde en rêd fljocht syn wurd dêrhinne

lêzing Jehannes 1: 1 - 18

Yn it begjin wie it wurd der; it wurd wie by God, ja it wurd wie God. Hy wie yn it begjin by God. Alles is troch him ûntstien, bûten him om is neat ûntstien fan alles wat bestiet. Yn him wie libben en dat libben wie it ljocht foar de minsken, it ljocht skynt yn it tsjuster en dochs hat it tsjuster der net oan wolle. Der ferskynde in man, útstjoerd fan God, hy hiet Johannes. Hy kaam as getuge, om fan it ljocht te getugen, dat allegearre troch him ta geloof komme soenen. Hy wie sels it ljocht net, mar hy moast getuge fan it ljocht. It wiere ljocht, dat elk minske ferljochtet, wie op kommende wei nei de wrâld. It wurd wie yn 'e wrâld, mar hoewol't de wrâld troch him ûntstien is, woe dy wrâld him net erkenne. Hy kaam op syn eigen gerjochtichheid, mar syn eigen folk woe him net by har ynnimme. Mar dy't him al by har ynnommen hawwe, harren hat er macht jûn om bern fan God te wurden, te witten dy't yn him leauwe, want dy binne net op natuerlike wize noch út minsklik begearen, noch út it begearen fan 'e man, mar út God berne. It wurd is minske wurden en hy hat ûnder ús wenne, fol fan leafde en trou. Wy hawwe syn gloarje sjoen, in gloarje sa't er dy as ienlingssoan fan syn heit krige hat. Johannes getúgde fan him en rôp lûd, 'dit is de man, dêr't ik fan sei, dy't nei my komt, is my dochs foar, want hy wie der earder as ik'. Ja út syn oerfloed hawwe wy allegearre de iene genedejefte nei de oare krige, want de wet is troch Mozes jûn, mar de leafde en trou binne der troch Jezus Kristus kommen. Der is net ien dy't God oait sjoen hat, de ienlingssoan fan God, dy't it neiste is oan syn heite hert, dy hat dúdlik makke wa't God is.

meditaasje

Wat witte wy fan God? Yn alle godstsjinsten spilet it ljocht in grutte rol. God is ljocht, net tsjuster. As wy minne of swiere dagen belibje, prate wy oer nacht en tsjuster. Mar dy't ien kear wat fan God fernommen hat, brûkt altyd wer dat wurd fan ljocht. Tsjuster witte wy allegearre wat is. En leauwe is ûnder oaren fêsthâlde, dat der ek noch wat oars bestiet. Dat God der is. Ljocht. God is ljocht, seit ús gefoel. Yn 'e psalmen stiet mear, 'God sprekt syn wurd'. Ljocht is stil, warleas en fier. In wurd hat wat te sizzen, jout befele, beweecht. God giet wat fan út. Ljocht sykje wy. Krêft fiele wy, yn ljochte en tsjustere dagen. Aanstien lit God it gers wer útsprute foar it fee. No smyt Er mei rein en iis, wa kin syn kjeld ferneare? God jout befele, hy bestjoert de ierde. Syn wurd is net altyd noflik, mar it komt op ús ta en wy hawwe derfoar te bûgen. Wy sykje it ljocht, wy hearre it wurd. Mar wy fine noch mear yn it evangeelje. Yn 'e krystnacht krijt God in gesicht, nimt er in namme oan. It ljocht fan it begjin wurdt in wurd yn 'e tiid en dat wurd wurdt minske. In minske dy't net allinnich praat, mar ek harket. Dy't wy net allinnich sjogge, mar dy't ús ek sjocht. Sa't wy binne. Just yn 'e djipste, just yn 'e kjeld, just yn it tsjuster lit God syn djipste fernimme, freget hy ús wurd. Yn in minske, yn Jezus, tichteby en kwetsber. Hy bûcht foar ús. Wat witte wy fan God? Alles, neat hâldt hy foar ús ferburgen. It geheim fan krysttiid is in minske tusken de minsken. Kontakt tusken God en ús. Krêft dy't wy oanreitsje kinne. Ljocht dat ús oansjocht.

stilte

mesyk

liet lofsang fan Siméon, gesang 68: 1 en 2, *lieteboek foar de tsjerken*

gebedens

foargonger leave heare,
wy wolle jûn bidde
foar alle minsken dy't sykje nei in gesicht
en wy roppe,
gemeente hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo

foargonger foar allegearre dy't allinnich binne,
just yn dizze ljochte dagen
en wy roppe,
gemeente hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo
foargonger
en wy roppe,
gemeente hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo

stilte

foargonger heare, wy bidde jo
foar de minsken om ús hinne,
dy't tinke, kaam der mar ris ien,
foar dy't altyd groetsje mei in glim,
mar fan binnen mei de honger yn it hert
dat wij delkomme,
mei it ljocht en de waarmte fan krystfeest;
dêrom bidde wy mei-inoar,
gemeente ús heit yn 'e himel

jûnsliet gesang 385: 1, 2, 3 en 4, *lieteboek foar de tsjerken*

seine

foargonger de genede fan ús hear Jezus Kristus bliuwt mei ús allegearre
gemeente amen

sechsde fesper foar de Oktaafsnein

stilte

iepeningsfers

foargonger hear, iepenje my de lippen
gemeente myn mûle sil sjonge fan jo lof
foargonger God, kom my te help
gemeente heare, wês hastich om my te helpen

oanstekken fan 'e peaskekears

ljochthymne fleurich ljocht

antifoan want der komt my gjin wurd oer de lippen, of jo, heare, witte der al lang fan

I o heare, jo ha my hifke en jo kenne my,
II jo witte fan myn sitten en oereinkommen,
I fan fierren al fersteane jo myn gedachten,
II jo bemjitte myn gean en myn lizzen, mei al myn wegen binne jo bekend,
I want der komt my gjin wurd oer de lippen
II of jo, heare, witte der al lang fan,
I efter my binne jo en foar my, rûnom
II en jo lizze de hân op my,
I dat te witten is my al te wûnder
II en te ferheven, ik kin der net by

psalm psalm 139: 1, 2 en 3, *lieteboek foar de tsjerken*

I mar wêr moat ik hinne foar jo geast,
II wêrhinne flechtsje foar jo eagen,
I klim ik nei de himel op, jo binne dêr,
II jou ik my del yn it deaderyk, dêr binne jo ek,
I nim ik de wjokken fan 'e moarntiid
II en stryk ik del by de fierste see,
I ek dêr sil jo hân my liede
II en jo rjochterhân my fêst hâlde,
I al tink ik, dat de tsjusternis myn tekken is
II en al brûk ik de nacht as myn dei,
I foar jo is it tsjuster gjin tsjuster
II en de nacht like ljocht as de dei

psalm psalm 139: 4, 5 en 6, *lieteboek foar de tsjerken*

I o hawwe ommers myn nieren foarme,
II my weve yn myn memmeskurte,
I ik loovje jo dat ik sa bjusterbaarlik makke bin,
II wûnderbaarlik binne jo wurken, ik wit it tige skoan,
I myn lichem wie jo net ferburgen,
II doe't ik yn it ferhoalene makke bin,
I as keunstich weefwurk yn 'e djipten fan 'e ierde,
II jo eagen hiene my al sjoen,
I doe't ik noch yn 'e memmeskurte lei,
II ja, de dagen dat myn lichem foarme waard,
I stiene allegear al yn jo boek beskreaun,
II doe't der noch net ien fan bestie,
I mar foar my, hoe swier binne jo gedachten te fetsjen,
II hoe machtich, o God, binne se yn tal,
I woe ik se besomje, dan binne se mear as it sân
II en kaam ik op 'e ein, dan bliuw ik noch mei jo dwaande

psalm psalm 139: 7, 8, 9, 10 en 11, *lieteboek foar de tsjerken*

I o God, deadzje dochts de sûnders
II en lit de moardsuchtigen by my wei gean,
I dy't dûbelhertich tsjin jo sprekke
II en har waanwiis tsjin jo ferheffe,

I soe ik gjin hate hawwe yn jo haters, heare,
II soe ik net ferachtsje dy't it tsjin jo yn 'e kant sette,
I sa folslein is myn haat tsjin har,
II dat se binne foar altyd myn fijannen

psalm psalm 139: 12 en 13, *lieteboek foar de tsjerken*

I hifkje my, God en ken myn hert,
II bedjipje my en ken myn gedachten,
I sjoch, oft ik op in wei fan ferdjer bin
II en bring my op de âlde, de ivige wei

I eare oan de heit en de soan en de hillige geast,
II lykas yn it oanbegjin, no en jimmer en fan ivichheid oant ivichheid

psalm psalm 139: 14, *lieteboek foar de tsjerken*

antifoon want der komt my gjin wurd oer de lippen, of jo, heare, witte der al lang fan

lêzing Jehannes 3: 31 - 36
Dy't út 'e himel wei komt, is heger as alle oaren, dy't fan 'e ierde is, heart by de ierde en hy sprekt dêr ek neffens. Dy't út 'e himel wei komt is heger as alle oaren. Wat er sjoen en heard hat, dêr getúcht er fan, mar syn getugenis wol net ien oannimme. Dy't syn getugenis al oannimt, hat dêrmei besegele dat God betrouber is. Want hy, dy't troch God útstjoerd is, sprekt Gods eigen wurden, want dy jout syn geast net mei de krappe hân. De heit hat de soan leaf en hat him alles yn hannen jûn. Dy't yn 'e soan leaut, hat ivich libben, dy't net nei de soan harkje wol, sil it libben net sjen, Gods grime bliuwt op him.

meditaasje Sûnt it earste Krystfeest is de wrâld feroare. God hat kontakt lein mei de minsken. Nei in nij kontakt is it noait mear itselde as earst. Sa't wy ek faak rekkenje, dat wie foar of nei dy syn tiid. In nij kontakt yn jins libben betsjut in nij tiidrak. Dy iene earste dei feroaret it hiele skoft dat folget. Hoe? Troch útwikseling. Jo jouwe wat en jo krije wat. Jo hearre wat, jo sizze wat. Wat sjen, wat sjen litte. Dat wol sizze, as men dy oare betrouet. Letterlik, leauwe wolle. Men kin ommers de doar ek ticht hâlde, om deselde te bliuwen. Wy hawwe in protte ûnderskate kontakten. Tichtby en fierôf, en dertuskenyn. Wat lytser de ôfstân, wat lytser ek de feroaring. Kolleges en femylje wikselje meast dingen út, dy't se foar in grut part al witte. It giet oer wurk en waar, minsken en ferhalen, dingen dêr't men elkoar by fertrout. Wat mear oft men fan elkoar wit, wat dreger om mei wat nijs te kommen. Wat mear oft jo witte, wat mear oft jo benefierhâlde. Wat neier, wat frjemder. De ôfstân is te lyts. Just oan frjemden doarre wy soms hiele teare dingen te fertellen. Sa't hja ús faak de meast nijsgjirrige saken te sizzen hawwe.
Hoe grut is de ôfstân tusken God en minske? Dêrom kinne wy God alles fertelle. Just omdat hy sa fier is, is neat foar him ferburgen en hat hy ús ek it djipste te sizzen. It allerderdjipste, ûnderskie tusken libben en dea. Wat ús op 'e rjochte wei bringt en wat op 'e ferkearde. Binnen yn ús.
Kontakt jout feroaring. Kryst komt wat efter wei. Wy krije it heechste te sjen. Wy meie it djipste sizze. Leafde, ljocht, wiisheid komme op ús ôf en sille ús fan no ôf folgje. Jezus wachtet op ús wurd, ús fertriet, ús fragen, ús tsjustere kanten. Omdat hy derfan wit, stiet hy iepen foar ús. As wy him oannimme, him op ús ôf komme litte, leauwe wolle. Dan komt God ta syn doel, en wy ta uzes. Dan sille wy net deselden bliuwe.

stilte

mesyk

liet lofsang fan Siméon, gesang 68: 1 en 2, *lieteboek foar de tsjerken*

gebedens

foargonger leave heare,
wy wolle jûn bidde
foar elk dy't langhalzet nei feroaring
en wy roppe,

*gemeente
foargonger* hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo
foar de herten fan stien en de lamme lea
dy't ferlet hawwe fan groei om te libjen
en wy roppe,

*gemeente
foargonger* hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo
... ..

gemeente en wy roppe,
hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo

stilte

foargonger heare, wy bidde jo,
dat wy jo talitte yn ús binnenst
en dat ús bûtenst him troch jo stjoere lit,
dat de wrâld om ús hinne te lyts wurdt
en de groede fernimt fan jo bedoeling
dat wy bewege
en de leafde fan Kristus fierder bringe,
gemeente dêrom bidde wy mei-inoar,
ús heit yn 'e himel

jûnsljet gesang 393: 1, 2, 3 en 4, *lieteboek foar de tsjerken*

seine

foargonger de genede fan ús hear Jezus Kristus bliuwt mei ús allegearre
gemeente amen

sande fesper foar nijjersjûn

stilte

iepeningsfers

foargonger hear, iepenje my de lippen
gemeente myn mûle sil sjonge fan jo lof
foargonger God, kom my te help
gemeente heare, wês hastich om my te helpen

oanstekken fan 'e peaskekears

ljochthymne fleurich ljocht

antifoan sa fier as it easten is fan it westen, sa fier docht er ús sûnden by ús wei

psalm psalm 103: 1 en 4, *lieteboek foar de tsjerken*

antifoan sa fier as it easten is fan it westen, sa fier docht er ús sûnden by ús wei

I lit al wat yn my is de heare loovje,
II it djipste fan myn wêzen syn hillige namme priizje,
I lit al wat yn my is de heare loovje
II en net ien fan syn woldieden ferjitte,
I al dyn sûnden ferjout er,
II fan al dyn kwalen makket hy dy better,
I dyn libben keapet er los út it grêf,
II hy kroanet dy mei geunst en erbarming,
I hy jout dy mear as sêd fan it goede,
II dat dyn jonkheid komt werom as by in earn,
I de heare bringt heil
II en dy't fertrape wurde, docht er rjocht,
I hy hat Mozes syn wegen bekend makke,
II de Israeliten syn dieden;
I barmhertich en genedich is de heare,
II geduldich en fol fan geunst,
I hy sil net einleas stride,
II hy wol net ivich liik bliuwe,
I hy docht ús net neffens ús sûnden
II en ferjildt ús net neffens ús skuld,
I want sa heech as de himel is boppe de ierde,
II sa heech stiet syn geunst oer dy't him freezje,
I sa fier as it easten leit fan it westen,
II sa fier docht er ús sûnden by ús wei,
I lykas in heit begrutsjen hat mei syn bern,
II hat de Heare begrutsjen mei dy't him tsjinje,
I want hy wit wol, wa't wy binne,
II hy tinkt der wol om, dat wy stof binne,
I de minske, syn dagen binne as gers,
II as in blom yn it fjild, sa bloeit er,
I mar strykt de wyn der oerhinne, dan is er al wei
II en op it plak dêr't er stien hat, kenne se him al net mear,
I de geunst fan 'e Heare duorret ivich foar dy't him freezje,
II en syn gerjochtichheid foar har bernsbern,
I foar har dy't it ferbûn yn eare hâlde,
II oan syn oarders tinke en dy neikomme,
I de heare hat syn troan yn 'e himel set,
II as kening hearsket er oer alles,
I loovje de heare, jim ingelen,
II jim sterke helden, dy't syn wil folbringe,
I loovje de heare, al syn legers,
II dy't him tsjinje en dogge wat hy wol,
I loovje de heare, al syn wurken, yn alle oarden dêr't hy regearret,
II lit al wat yn my is de heare loovje,

I eare oan de heit en de soan en de hillige geast,
II lykas yn it oanbegjin, no en jimmer en fan ivichheid oant ivichheid

<i>antifoon</i>	sa fier as it easten is fan it westen, sa fier docht er ús sûnden by ús wei
<i>psalm</i>	psalm 103: 5 en 9, <i>lieteboek foar de tsjerken</i>
<i>antifoon</i>	sa fier as it easten is fan it westen, sa fier docht er ús sûnden by ús wei
<i>lêzing</i>	Jehannes 6: 41 - 51 De Joaden prottelen oer him, omdat er sein hie, 'ik bin it brea dat út 'e himel delkommen is'. Se seinen, 'is dat Jezus, de soan fan Joazef net en kenne wy syn heit [en mem] net? Hoe kin er no sizze, ik bin út 'e himel delkommen'?' Jezus joech harren ta antwurd, 'Prattelje net sa ûnder inoar. Net ien kin by my komme, as myn heit dy't my stjoerd hat, him net nei my talûkt en Ik sil him de lêste deis út 'e dea ferrize litte. Der stiet beskreaun yn 'e profeten, 'en se sille allegearre fan God sels ûnderwiis krije. elk dy't harket nei wat myn heit him leart, komt by my. Net, dat ien myn heit oait sjoen hat, inkeld hy dy't by myn heit weikomt, dy hat myn heit sjoen. Wiswier, wiswier, Ik sis jimme, dy't leaut, hat ivich libben. Ik bin it libbensbrea. Jimme foarâlden hawwe it manna iten yn 'e woastyn en dochs binne se stoarn, dit is it brea dat út 'e himel delkomt, dat in minske dy't dêr fan yt, net mear stjerre sil. Ik bin it libbene brea dat út 'e himel delkommen is, as in minske fan dit brea yt, sil er yn ivichheid libje, it brea dat ik jaan sil is myn fleis, [dat Ik jou] foar it libben fan 'e wrâld'.
<i>meditaasje</i>	Leauwe hat te krijen mei ôfstân. Sa heech as de himel is boppe de ierde, safolle sit der tusken God en minske. Mar nei it krystfeest is dy ôfstân oerbrêge. Yn in minskebern lit God syn leafde sjen. Dat moat de hiele rest fan it evengeelje wenne, Jezus dy't seit, 'dy't my sjoen hat, hat de heit sjoen.' It bliuwt yn it evengeelje net by sjen en hearren. It giet fierder, oan oanreitsjen en iten en drinken ta. Letterlik, fan binnen. Jezus komt tichtby, mei al syn himelske hillichheid, mei leafde dy't waarmer is as de sinne, mei in werklikheid dêr't uzes net op liket. Hoe sil dat komme? Kontakt jout feroaring, de iene beweging ropt de oare op. Kin ús werklikheid sines ferneare? Us kjeld syn waarmte? Us dwaan en litten syn bedoeling? Us gedachten syn gedachten? Nee dus. As Jezus ús oanrekke, spat dat allegear fuort. Sa fier mooglik. Wêrhinne? Nei de himel, om dêr wer op ús te wachtsjen? Nee, mar sa fier as it easten is fan it westen. Ut ús sicht, út ús hert, út ús bestean. Yn it tsjuster foar kryst sjogge wy omheech. Mar Kristus komt sa tichtby, dêr hoege wy net mear te sjen. Hy wurdt minske, fleis, brea. Dat feroaret ús. Alles wat ús by God wei hâldt, dat de ôfstân makke tusken him en ús, alle sûnde, docht hy fuort. De fertikale ôfstân wurdt hoarizontaal. As wy nei kryst om ús hinne sjogge, is God syn keninkryk tichtby, al it oare sjogge wy fuortstowen, hieltyd fierder. It ferdwynt efter de fierste kime.
<i>stilte</i>	
<i>mesyk</i>	
<i>liet</i>	lofsang fan Siméon, gesang 68: 1 en 2, <i>lieteboek foar de tsjerken</i>
<i>gebedens</i>	
<i>foargonger</i>	leave heare, wy wolle jûn bidde om in nij begjin foar alle minsken en wy roppe,
<i>gemeente foargonger</i>	hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo foar dy't honger hawwe nei jo wurd en toarstich binnen nei rjocht en wy roppe,
<i>gemeente foargonger</i>	hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo en wy roppe,
<i>gemeente</i>	hear ûntfermje, hear ûntfermje, hear ûntfermje jo
<i>stilte</i>	
<i>foargonger</i>	heare, wy bidde jo, dat wy it kweade efter ús litte, as jo ús mei libben temjitte komme, dat wy it brea net ferachtsje, dat jo ús jouwe om te partsjen ta ivich libben, foar ús en foar alle minsken op ierde, dêrom bidde wy mei-inoar, ús heit yn 'e himel
<i>gemeente</i>	ús heit yn 'e himel

jûnsliet gesang 390: 1, 2 en 3, *lieteboek foar de tsjerken*

seine

foargonger de genede fan ús hear Jezus Kristus bliuwt mei ús allegearre
gemeente amen